

IT DEISTICH GEBED

tiden fan 'e dei en hústsjinsten

Lêswizer

1 Wat fine jo yn dizze oanset?

Yn dit part fan de oanset binne de oarders foar it deistich gebed opnommen. De ûndertitel fan dit part is: *Tiden fan 'e dei en hústsjinsten*.

- Dy tiden binne de gebeden op fêste mominten fan 'e dei: moarn, middei, jûn (fespers of jûnsgebed), foar it sliepen (kompleten of deisluting), en nacht.
- Hústsjinsten wurde ornaris (bygelyks by it iten) op dyselde mominten holden, mar kinne ek op oare tiden en by oare gelegenheden bidden wurde.

Tiden fan 'e dei en hústsjinsten ha deselde oarder fan tsjinst. Yn dizze oanset is tusken dy tiden en hústsjinsten gjin neier ûnderskie makke; sadwaande de namme *It deistich gebed*.

2 Hokker oarder wurdt keazen?

It hinget fan de groep minsken en fan 'e tiid fan byinoar-kommen ôf hokker oarder brûkt wurdt. Yn dizze oanset binne trije soarten oarder fan tsjinst opnommen.

- Oarders dy't mear it karakter ha fan in gemeentefiering; dy kinne songen, mar mooglik ek sein wurde (side 962-977).
- Oarders foar persoanlik gebrûk: dy kinne ek yn lytse groepen brûkt wurde (side 978-986).
- Oarders foar it iepenjen en sluten fan gearkomsten, groepsbyienkomsten ensafuorthinne (side 987-992).

3 Wannear kin men dizze oarders brûke?

- Lykas sein binne dizze oarders te brûken op mominten dy't de dei fan natuere yndiele: de moarn, de middei, de jûn en de nacht.
- Dizze oarders biede ek in kapstok foar in ienfâldige gebedsbyienkomst by alderhanne gelegenheden. Wy kinne dan tinke oan partikuliere feestlikheden (troujubilea, jierdeis), persoanlike need (sykte, ûntslach, echt-skieding), in bysûnder barren (eksamen), it betinken fan 'e doop, in jûnswacht op 'e dei foar in útfteart en op merkeldagen dêrnei, bygelyks de fjirtichste dei of de stjerdei.

4 Hoe brûke jo dizze oarders?

De oarders dy't mear it karakter ha fan in gemeentefiering en de oarders foar persoanlik gebrûk hawwe in fêste foarm. De ûnderdielen dêrfan binne:

stilte
iepeningsfers
lofprizing
[skuldbelidenis – allinne yn de kompleten]
[hymne/liet]
psalm(en) mei antifoan
[koarte ynlieding op 'e lêzing]
lêzing
amerij fan ynkear en stilte
canticum mei antifoan
gebeden

Yn de oarders binne ûnderdielen tusken [] bedoeld as fakultatyf. De **fetprinte** teksten binne bedoeld om troch elkenien sein te wurden.

Foar de iepeningsfersen, lofprizing, skuldbelidenis en segenbea binne alternativen opnommen.

iepeningsfers:

Dat is hieltyd yn 'e oarder opnommen.
Alternativen fynt men op side 994-996.

lofprizing:

Dy is hieltyd yn 'e oarder opnommen.
Alternativen fynt men op side 997-998.

skuldbelidenis:

Fan âlds makket in amerij fan skuldbelidenis diel út fan de kompleten/deisluting. In tekst dêrfoar is yn 'e oarder opnommen.
Alternativen fynt men op side 999-1001.

hymne/liet:

Foar de fêste gebedsmominten fan 'e dei ferwize wy nei: *Lieteboek foar de tsjerken*, gesang 370 o/m 395; *Zingend Geloven*, diel 1&2, 126-142.
Hymnen dy't by de tiid fan it liturgysk jier hearre, kinne ek songen wurde. Oare lieteboeken komme fansels ek yn 'e beneaming.

As men letter op 'e jûn in fesper fiert en dy – lykas yn de oarder oanjûn – mei it oanstekken fan in kears begjint, is de âlde hymne *Phoos hilaron* gaadlik. Dy is yn 'e oarder ôfprinte.

psalmen:

Foar de deistige fiering wurdt ferwiisd nei it psalmroaster (s. 1006-1007). Foar trije mominten fan de dei is dêr in psalm of part fan in psalm oanjûn. Yn dat roaster komt yn sân wike it hiele psalmboek oan 'e oarder.

By minder frekwinte fiering of by spesjale gelegenheden kin men psalmen kieze dy't oanslute by de gelegenheid of by it liturgysk jier, bygelyks de boetepsalmen yn de Fjirtichdagetiid of de psalm fan 'e snein.

Yn dizze oanset is noch mar in kar-út fan de psalmen opnommen om fertroud te reitsjen mei de ûnberime (net-strofyske) wize fan sjongen. Foar hoe't men de psalmen bidde moat, sjoch fierder ûnder 5: 'Praktyske oanwizings'. Wannear't de psalm berime songen wurdt, hat it de foarkar om de hymne wei te litten. Sadwaande komme gjin twa strofyske lieten efterinoar.

antifoan by de psalm:

As men de psalm ûnberime bidt, begjint en einiget dy mei in antifoan. By de opnommen psalmen is de oanbelangjende antifoan ôfprinte (s. 1009-1065).

koarte ynlieding op 'e lêzing:

Om't it om gebedstsjinsten giet, is in útlis fan de Skriften net nedich. Der kin in koarte ynlieding op 'e lêzing jûn wurde. In preek past net en is ek net winske.

lêzing:

Foar in deistige fiering wurdt ferwiisd nei it lêstroaster (s. 1221-1248). Foar trije mominten fan 'e dei is dêr in skriftlêzing oanjûn. Yn dat roaster komt sawat de hiele Skrift yn twa jier oan 'e oarder.

By minder frekwinte fiering of by spesjale gelegenheden kin men lêzingen kieze dy't oanslute by de gelegenheid of by it liturgysk jier.

amerij fan ynkear en stilte:

Foar wa't in beskate ynfolling siket foar dat momint, binne in pear meditaasje-oefenings opnommen op side 1145-1150.

canticum:

Cantica binne bibelske lofsangen dy't net yn it Psalmboek steane. Yn dizze oanset binne de trije meast bekende opnommen:

- de lofsang fan Maria. Fan âlds wurdt dy lofsang yn 'e fespers songen;
- de lofsang fan Sacharias. Fan âlds wurdt dy lofsang yn it moarnsgebed songen;
- de lofsang fan Simeon. Fan âlds wurdt dy lofsang yn de kompletten (it gebed foar it sliepen) songen.

Yn dizze oanset is, lykas fan de psalmen, noch mar in seleksje fan de cantica opnommen om fertroud te reitsjen mei de ûnberime (net-strofyske) foarm fan sjongen. Foar hoe't de psalmen en cantica bidden en songen wurde, sjoch fierder ûnder 5: Praktyske oanwizings.

antifoan by it canticum:

As men it canticum ûnberime sjongt, begjint en einiget dat mei in antifoan. Dy antifoan is, oars as by de psalmen, net út it liet sels nommen, mar ferwiist mei in skrifttekst nei de tiid fan it liturgysk jier. De oanbelangjende antifoanen fynt men op de siden 1070-1090.

gebeden:

De ynhâld fan it gebed kin fansels net foarskreaun wurde. Yn de oarders wurdt in tal rubriken suggerearre.

In wiidweidige seleksje fan gebeden wurdt jûn yn dizze oanset:

- gebeden foar alle dagen fan 'e wike (s. 1094-1111)
 - Fiif searjes gebeden foar alle dagen fan 'e wike, troch Sytze de Vries, Joke Ribbers, Frans Wiersma, Wim Pendrecht en Wim van der Zee.
- moarnsgebeden (s. 1112-1120)
- middeisgebeden (s. 1121-1123)
- jûnsgebeden (s. 1124-1133)
- gebeden yn 'e nacht (s. 1134-1135)
- gebeden by it iten (s. 1136-1141)
- gebeden foar alle oeren fan 'e dei (s. 1142-1144)

segenbea:

De gebeden wurde besletten troch in al of net songen segenbea. Dy binne yn 'e oarders opnommen. Alternativen binne te finen op side 1002-1003.

5 Praktyske oanwizings

Romte

Yn prinsipe kin it deistich gebed rûnom bidden wurde. Wannear't tijsjinsten yn in tsjerke fierd wurde, soe it in goed ding wêze en soargje foar in wat smûker hoekje. Mei ienfâldige saken, bygelyks in rige kearsen of in grutte stander kin al in ôfbeakening makke wurde. De romte fan it koar of efter it doophek binne ornaris gaadlik foar sokke tsjinsten. Stuollen kinne yn in rûnte of yn lytse rigen foarinoar oer set wurde.

Foar de persoanlike gebeden thús kin men in lytse romte, bygelyks in hoekje yn in keamer, reservearje. In taffeltsje mei bibel, kears en/of ikoan kin sa'n romte 'hilligje'.

Hâlding

Knibbelje, stean en sitte binne gaadlike gebedshâldingen. Ienfâldige knibbelbankjes, lykas yn Taizé, meitsje it knibbeljen maklik. Under it sjongen kin men better stean gean. Yn de persoanlike oarders is op beskate mominten in + oanjûn. Dêr kin men 'in krús slaan', as teken dat men jins libben ûnder it krús stelt.

Sjonge

Foar de fêste ûnderdielen fan de oarders binne toansettingen yn 'e oarders oanjûn.

Yn de tsjinsten fan de tiden fan 'e dei kin ûnberime en berime songen wurde.

By it ûnberime sjongen binne twa foarmen te ûnderskieden. De earste is it *resitatyf* sjongen. Fanwegen it meditative karakter is dy wize fan sjongen tige gaadlik foar de psalmen en cantica yn it tijgebed.

Yn dizze oanset binne acht psalmtoanen yn in ienfâldige setting opnommen (side 1008 en op 'e ynliskaart). Op dy meldijen kinne alle psalmen en cantica resitearre wurde.

De antifoan 'set de toan': it Romeinske sifer foar de antifoan jout oan op hokker psalmtoan songen wurdt.

De antifoanen foar de psalmen binne by de psalmen ôfprunte, lykas de dêrby hearrende psalmtoan.

Foar de antifoanen by de *cantica* jout it Romeinske sifer de psalmtoan oan.

Yn de hjir oanbeane psalmen en cantica is yn elke fershelte it einaksint oanjûn. Dat einaksint wurdt yn beide parten songen op 'e lêste noat. Fan dy einnoat út moatte de (swarte) bûgingsnoaten weromteld wurde. Bygelyks:

Yn de earste psalmtoan:



wurdt dat sa songen:

Fan moarn - tyds - rea oant ski - mer - jûn *

moat elk dy Nam - me oan - bid - de.

Lykas earder sein, moat men by it resitatyf útgean fan de *sprutsen tekst*. Resitearje is sprekke op ferhege toan. It gewoane sprekritme en -tempo bepale de fuortgong fan it resitatyf. Dat sil foar harren dy't troch de tradysje 'hymnysk' ynsteld binne, nei alle gedachten in ûngewoane wize fan sjongen wêze. Twa dingen kinne dêrby helpe: men moat de basisnoaten goed yn 'e holle ha, en twad: útgean fan natuerlike deklamaasje fan 'e tekst.

As it kin wurdt de psalmody troch twa likense groepen songen. Nei't - salang't dat yn de stúdzjefaze nedich is - de kantor(ij) de antifoan songen hat, sjonge alle oanwêzigen dy nei. Dan sjongt groep I it earste psalmfers, groep II it twadde, groep I it tredde, ensafuorthinne oant en mei it lêste. Oan 'e ein wurdt de antifoan troch allegearre songen.

De twa fershelten wurde skaat troch de saneamde 'mediant-rêst', yn 'e tekst oanjûn mei in stjerke (*) - net te betiizjen mei in ° dat yn guon gefallen oanjout dat de tige lange fershelte yn printe foarm ferdiel is oer twa rigels; yn de earste stiet dan út soarte gjin einaksint. By it * kin rêstich sykhelle wurde, dat de tekst mei yn- en útazemet. De mediantrêst moat net te koart, mar ek wer net ûnnatuerlik lang wêze.

De romte, it momint fan 'e dei en de gearstalling fan de bid-dende mienskip binne fan grutte ynfloed op dat spannings-momint yn de psalmody. De opienfolgjende psalmfersen kinne frij koart opinoar folgje: groep II sykhellet ommers ûnder de psalmody fan groep I gewoan troch en kin dus direkt oanslute. De weagen (de psalmen) binne de hertslach fan dizze tsjinsten.

De fêste ûnderdielen fan de tiden fan 'e dei geane út fan in taakferdieling: ien sjongt foar, dêrnei antwurdzje alle oaren. Yn dizze responsoarjes is de tekstdeklamaasje ek it útgongspunt fan it sjongen.

It *responsoriaal* sjongen fan 'e psalmen is de twadde foarm. De psalmfersen wurde foarsongen en regelmjittich ûnder-brutsen troch in refrein.

It berime sjongen, it *strofeliet*, seit himsels.